

*Russysk-Fryske joun mei singeliere  
documentaire*

### **Libbensrin fan in dichter út de Oeral**

Hoe en werom rekket ien ûnder de bitsjoening fan in idé, in boek, in film, in skilderij, in persoan? It oerkaem Aliona van der Horst troch filmbylden út it libben en – as logysk forfolch - wurk fan de yn Sverdlovsk berne dichter Boris Ryzji (1974-2001).

Dat se sels njonken de Nederlânske ek de Russyske nasjonaliteit hat spile dêrby in wichtige rôl. Hwant in forkearing mei likernôch fiif jier in izeren gerdyn tusken de lits-jumeau fan in Russyske Julia en in Nederlânske Romeo krige yn likernôch 1000 brieven stal yn in film fan harren dochter, Aliona dus, mei de titel 'Na de lente fan '68'. In hiel poëtyske film, neffens Ernst Bruinsma fan de Afûk, tagelyk haedredacteur fan it blêd 'de Moanne'. Hy hie freed-to-joun mei Aliona van der Horst, de makker fan de film, in fraechpetear yn it ramt fan de fan de Gerben Rypma Stifting – en yn oparbeidzjen mei 'syn' blêd de Moanne – op priemmen setten Russysk-Fryske joun yn de Klameare.

Har oare films, bygelyks oer it wrâldforneamde museum de Hermitage yn St. Petersburg, asemje in selde sfear. Dat museum wurdt ús sjen litten, ornearre Bruinsma, as in mikrokosmos op himsels. It personiel is forknotte oan dit bidriuw. Glasnost en perestrojka ha der ek ynfloed op hawn, mar dochs binne al dy minsken yn de tizeboel fan dy tiid oerein bleaun en dus it museum ek. Fassinearjend hoe 't dat foar de camera stal krigen hat mei forhalen oer in suver hierarchyske opbou fan in libbensrin, dêr 't elts him ûnder deljout en neffens skikt. It brocht Bruinsma ta de forliking mei it koartlyn forskynde boek fan Van Kasteren oer it jubilearjende Centraal Station yn Amsterdam, dat op inselde wize stal joun is.

De film (Zilveren Anjer op it IDFA 2008 en û.m. Prijs van de Nederlandse Filmkritiek) dêr 't it

dizze joun om gie: Boris Ryzji, de bêste Russyske dichter fan syn generaesje, soan fan in geo-fysicus, ingenieur yn in myn, is in syktocht nei arguminten om it minsklik hanneljen to fordútsen. De heit hie gjin aen fan it milieu dêr 't er yn de buert yn Sverdlovsk (nou Jekatarinenburg) mei syn húshâlding tolanne kommen wie. De man waard helle en brocht mei in auto fan de saek. Oerdeis altiid yn de myn, jouns let thús.

Dieven, moardners, de Russyske maffia meitsje de tsjinst út. Om to oerlibjen bijowt de jonge Boris him yn dat formidden. Hy is ien fan harren sûnder krimineel to wurden. Mar fjochtsje, smoke en dat soarte fan saken, kin er him skoan mei rêdde. Goed hy wie dichter, de forneamdste fan it lân, mar der liet er him net op foarstean. Leaver hie er dat er as bokser yn oansjen stie. Hy koe ien, sa 't in collega-dichter fortelt, in bêste opsoademiters jaen. Syn generaesje hat mei hingjen en wierjen de fan Gorbatsjov yn gong setten glasnost en de perestrojka (1985) oerlibbe. En dat is wêr 't sy noch alle dagen mei dwaende binne, oerlibje. Elts docht dat op syn eigen wize. Ha jo neat dan moat der foar soarge wurde dat jo it krije, dêr 't men wol hat. It kriminele circuit lokket en forlokket; in skiere, ûnwisse takomst kaem harren yn 'e mjitte.

Fan suver de iene op de oare dei wie it stjûr út de maetskippij. Gjinn wurk (mear), mar fammen hawwe harsels om to forkeapjen en de jonges bidarje as bodyguards fan dy froulju yn de maffia, in inkeling wurdt dichter. Boris wurdt de bêste, wint de wichtigste poëzijpriis fan it lân. Anarchy slacht oeral foar master op, in eldorado foar de maffia. Fuort mei de greate Sovjetdieden fan it foarteam, de mienskip bliuwt ûntheistere efter, fjochtet om to oerlibjen.

In charysmatysk man, dy Boris, seit Aliona van der Horst, dy 't hast syn hiele koarte libben – hy die himsels to koart yn 2001 – dwaende wie om to oerlibjen. Tagelyk fieldie hy him skuldich dat him dat slagge. Syn houlik wie bitiden in spul fan leafde en bargebiten, mar

dochs in pûre leafde seit syn widdou. De soan hat gjin goed wurd oer foar de died fan syn heit, en fan dy syn gedichten moat er alhiel neat hawwe. Opname's meitsje yn skoalle? Né, ik wol net foar peal stean, hwat miene jimme, dat kostet my de kop yn de hierarchy. Skaeit er dochs nei de heit, dy 't er eins in domkop fynt?

Dúdlik is dat de lju allegearre muoite hawwe om to oerlibjen en allegearre wol groeden oproun hawwe, letterlik en figuerlik. Sels de hounnen rekken skansearre, rinne hinkelpoatsjend foar de camera, dy 't rêstich de tiid nimt om de delgong fan in systeem fêst to lizzen. Stadich as de machtige rin fan de Wolga bitsjoent de camera ús mei de tizeboel fan in forskuorde mienskip dy 't mar kwalik de holle boppe wetter hâlde kin. Sels op it tsjerkhôf foarmje de deasketten dieven, rôvers wer in eigen buert, mei as tsjûgen greate, oerdwealsk oandwaende sarken mei proastige portretten der yn útbeitele.

De bisite oan de âlde buert mei sûplappen, moardners, dieven en fjochtersbazen as biwenners, toant grauwe suterige flatgebouwen mei betonnen trepportiken, forinnewearre iepenhingjende brievebussen - miskien in metafoar foar dy goed bidoelde glasnost, de nije iepenheit – dy 't eagje as in toendra fan roastich beton. Ja, de Staalschrootwijk, sa 't de buert hjit, is perfoarst gjin modelbuert, sa 't de heechste lieders dat foar eagen stie. Mar ja, in systeem dat sels it manuscript fan in skriuwer (dat oerkaem *'Leven en Lot'* fan Vassily Grossman yn 1961) offisjeel arrestearre ...

In man mei charisma, krêft, en in greate leafde foar minsken, syn lân, syn buert, stal jown yn moderne gedichten. In cult-figuer wurden, suver. Syn tragyske libbensrin brocht har, Aliona, der ta om to bisykjen in stikje fan de wâle op to tillen om de reden to finen dy 't him ta selsmoard oansetten hat. Dêrta wurdt de buert ôfstrúnd, mar net eltsenien hat it hert op de tonge; erchtinkendheit is hjir in basiseigenskip (wurden). Soms stienen se each

yn each mei in moardner, dy 't de finzenis oerlibbe hat, dat ek in merakel hjitte kin, sjoen de reputaesje fan dy ynstellings; it seit ek eat oer de reputaesje fan de persoan!, docht bliken út de réaksje fan de suster fan de dichter, dy't as paedwizer tsjinnet.

Underwilens binne der lûdsopnamen fan de dichter to biharkjen. Syn stim rûzet rêstich, melodius soms, ta de lûdsprekkers út, as de bjirkebosken yn in simmertwirre. Gjin wylde kozak of soks, gjin protest. Syn oare helte komt wiidweidich yn byld en oan it wurd, mar har konklúzje is ek: miskien hie er it net wer dien, mar miskien ek wol: It werom sil altiid yn 't tsjuster bidobbe bliuwe.

Yn Fryslân is Ryzji net echt bikend, mar it tafal helpt soms om dêr foroaring yn to bringen. Skriuwer/dichter Eeltsje Hettinga kaem yn de kunde mei it wurk fan dizze collega doe 't er yn it Fean in skilderijentotoanstelling iepenje moast. Troch omstannichheden wie de exposant op it spoar kommen fan Ryzji en hy keatste it baltsje troch nei Hettinga. 'As waerd ik delsein fan de wjerljocht. Moderne ynhâld, dochs mei in klassike oanpak. Koartsein', hâldd' er de grôtfolle seal yn de Klameare foar, 'in maetpak mei goed rymwurk, mar dochs tige modern'. As tsjûge fan dy stelling kaem er mei trije oersettings fan Ryzji oer it fuotljocht, dy 't dat ûnderstreken. Der moat by sein wurde, dat it oersettings út it Nederlânsk wienen, omt er sels it Russysk net bihearsket. Mar dat sil foar de measte bisikers jilden hawwe.

(jpdHzn)